

klaske en har grutte bek of de botte boarstrok fan ús mem

klaske en haar grote bek of de botte borstrok van mijn moeder

(Gedichten over mevrouw Van der Veen-Krol, geschreven door Tsead Bruinja)

't hússy staat d'r nag

klaske wie fjouwer
doe't se har it hier knippe liet
troch in freondintsje
wylst se yn `e blikke sieten

it wie in snein en klaske mei har grutte bekje
rôp nei sjoerd op `e dyk
ha sjoerd bargebloed

twá jier earder yn de strange winter fan 1929
flechten se de kâlde keet út nei it hûs fan tante
yn vrouwenparochie

dêrnei is heit fan boere-arbeider
los werkman wurden

krigen se in eigen hûs mei in blikke
in gaadlik plakje om foarbygongers
wat nei te roppen

en dy it hier knippe te litten

't hússy staat d'r nag

klaske was vier
toen ze haar haar liet knippen
door een vriendinnetje
terwijl ze op het bleekveld zaten

het was een zondag en klaske met haar grote bekje
riep na sjoerd op straat
ha sjoerd varkensbloed

twee jaar eerder in de strenge winter van 1929
vluchtten ze hun koude keet uit naar het huis van tante
in vrouwenparochie

daarna is vader van boerenarbeider
los werkman geworden

kregen ze een eigen huis met een bleekveld
een geschikt plekje om voorbijgangers
wat na te roepen

en je haar te laten knippen

yn it earste eigen hûs fan heit en mem

hé jong met die smirge bonken fan de trap ôf
dat doen jim thús ok niet sei klaske op har santjinde
tsjin de dútske soldaat dy't har heit begjin 45 heljen kaam
om yn assen te greppeljen

heit hie foar de oarloch wurk foar har fûn op in grut stik lân
dêr't se om seis oere moarns mei in ierappelskyldersmeske
it ûnkrûd tusken it flaaks fuortsnijde

de hiele dei wie se allinne

om tsien oere wie it thús waarm iten
om healwei trijen krige se tee
seis oere jûns wie it wurk dien

in pear kear hat se yn assen west
om heit in tromp pankoeken te bringen
en in flesse molke dy't se ûnderweis
by in boer helle

de lêste kear dat der ien
by harren út de húshâlding wei dy kant op gie
wie it har âldste suster aaltsje

om sân oare stuts aaltsje ôf op `e fyts
om 12 oere wie se yn drachten en om in oere ôf 5
wie se te plak yn in sikehûs yn assen

de oare deis gie heit achterop by aaltsje
mei de pleuris yn it liif

se wie aardich tenein doe't se thúskamen
hat in dei of wat op bêd lein

in het eerste eigen huis van vader en moeder

hé jong met die smirge bonken fan de trap ôf
dat doen jim thús ok niet zei klaske op haar zeventiende
tegen de duitse soldaat die haar vader begin 45 kwam halen
om in assen greppels te graven

vader had voor de oorlog werk voor haar gevonden op een groot stuk land
waar ze om zes uur `s ochtends met een aardappelschilmesje
het onkruid tussen het vlas wegsneed

de hele dag was ze alleen

om tien uur was het thuis warm eten
om halfdrie kreeg ze thee
zes uur `s avonds was het werk klaar

een paar keer is ze in assen geweest
om vader een trommeltje pannenkoeken te brengen
en een fles melk die ze onderweg
bij een boer haalde

de laatste keer dat er iemand
bij hen uit het gezin die kant op ging
was het haar oudste zus aaltsje

om zeven uur vertrok aaltsje op de fiets
om 12 uur was ze in drachten en om een uur of 5
kwam ze aan bij het ziekenhuis in assen

de volgende dag ging vader achterop bij aaltsje
met de pleuris in zijn lijf

ze had de knollen aardig op toen ze thuiskwamen
heeft een dag of wat op bed gelegen

de kear dat klaske har grutte bekje har de ferkearing koste

omdat se ane de vries
dy't op `e dyk mei in kofferke rûn
foar korfyloper¹ útmakke
balte oege nei klaske

hest de bek altyd open
hou dij stil

en makke de ferkearing
stantepede út

doe wie it klear tochten beide
mar in heal jier letter
neidat se mei in andereneen west hie
dêr't se neat mei koe

kaam oege by har thús
om aaltsje te lokwinskjen
mei har houlik

foor wie komst
foor mij of foor ôns klas
woe dy witte

die keer dat klaske haar grote bekje haar de verkering kostte

omdat ze ane de vries
die over straat liep met een koffertje
voor korfyloper uitmaakte
schreeuwde oege naar klaske

hest de bek altyd open
hou dij stil

en maakte de verkering
stantepede uit

toen was het klaar dachten beide
maar een half jaar later
nadat ze met een andereneen was geweest
waar ze niks mee kon

kwam oege bij hen thuis
om aaltstje te feliciteren
met haar huwelijk

foor wie komst
foor mij of foor ôns klas
wilde die weten

¹ korfyloper: vrouw of meid die wittebrood en beschuiten bij de huizen verkoopt

it sikefûns bestie noch net (mar klaske hie har eigen stim)

oege hie wat mei de holle
it waard him al gau te folle

as er de kop by trije dingen tagelyk hâlde moast
der wat wie mei trekker of meanmasine mis wie

sâgst him dagen niet
wist ok niet wer't hij waar

of hij gong 't feld in
dan most hij alleen weze

miskien lei it oan de harsenskoddingen
dy't er as jonkje hân hie

wie er fan in heabult fallen
dan moast lytse oege
mar moai wat trochrinne

je rûnen sa fluch net nei dokter
want dy stjoerde in rekkentsje

het ziekenfonds bestond nog niet (maar klaske had haar eigen stem)

met oege zijn hoofd was wat aan de hand
hij werd al snel door zorgen overmand

als hij de kop bij drie dingen tegelijk moest houden
er wat mis was met trekker of maaimachine

sâgst him dagen niet
wist ok niet wer't hij waar

of hij gong 't feld in
dan most hij alleen weze

misschien lag het aan de hersenschuddingen
die hij als jongetje had gehad

was hij van een hooiberg gevallen
dan moest kleine oege
maar mooi wat door lopen

je ging niet zo vlug naar de dokter
want die stuurde een rekeningetje

yn it hok stie de weunwagen

klaske hat lang net witten
dat oege yn de wenwein krûpe koe
as it him te drok waard yn `e kop
dat oege weromkrûpte yn 'e wein
werom yn de eigen holle om út
de eigen holle wei te reitsjen

yn itselde hok makke er letter
foar roemenië wit net hoefolle
bolderkarren

ah fijn bist dêr wer sei klaske
doe't oege nei dagen fan gjin taal of teken
de keuken yn kaam

en tsjin my

at je fan een houwe
kinne je ok 'n prot fergeve

in het hok stond de weunwagen

klaske heeft lang niet geweten
dat oege in de woonwagen kruipen kon
als het hem de druk werd in zijn hoofd
dat oege terugkroop in de wagen
terug in het eigen hoofd om uit
het eigen hoofd te raken

in hetzelfde hok maakte hij later
voor roemenië ontzaglijk veel
bolderkarren

ah fijn ben je daar weer zei klaske
toen oege na dagen geen taal of teken
de keuken in kwam

en tegen mij

at je fan een houwe
kinne je ok 'n prot fergeve

presedint klaske

nachts as se de sliep net krije kin
sjocht klaske in patroantsje foar har
as it sa of sa kin dan kin dat en dat
tinkt se

wy binne noch lang net útpraat
mar ik wol noch efkes freegje nei hokker frou ús mem wie
want dy koe se omdat oege syn neef jerre
by wa't se mei de wein gauris op it boerehiem stienen
ús buorman wie en ien fan heit
en mems bêste freonen

in leave frou wie jim mem
en in botte borstrok

as it net goed woe
koe se knap flokke

ik tink dat klaske mei har grutte bekje
die presedint wie van de frouljusferieniging fan de herfoarme tsjerke
en al tritich jier breidet foar roemenië albanië en no foar oekraïne
dêr wol oer mocht

och sait se dat bildts is ok soa ferrekte wreed

*efkes letter bellet ús heit
omdat ik him foto's fan klaske oege
en de weunwagen appte*

*klaske joech my foar in kluske dêr't ik gjin jild foar ha woe
my in noarske trui dy't sa stiif breide wie datst him
sa rjochtop yn de hoeke fan de keamer sette koest*

president klaske

's nachts als ze de slaap niet kan vatten
ziet klaske een breipatroontje voor zich
als het zo kan of zo kan dan kan dat en dat
denkt ze

we zijn nog lang niet uitgepraat
maar ik wil nog even vragen wat voor vrouw mijn moeder was
want die kende ze omdat oege zijn neef jerre
bij wie ze regelmatig met de wagen op het boerenerf stonden
onze buurman was en een van mijn vader
en moeders beste vrienden

een lieve vrouw was je moeder
en een botte borstrok

als het haar niet naar de zin was
kon ze flink vloeken

ik denk dat klaske met haar grote bekje
die president was van de vrouwenvereniging van de hervormde kerk
en al dertig jaar breidt voor roemenië albanie en nu voor oekraïne
dat wel kon hebben

och saït se dat bildts is ok soa ferrekte wreed

*even later belt mijn vader
omdat ik hem foto's van klaske oege
en de woonwagen appte*

*klaske gaf mij voor een klusje waar ik geen geld voor wilde
een noorse trui die zo stijf gebreid was dat je hem
zo rechtop in de hoek van de kamer kon zetten*